

Wilco Berga

tineke steenmeijer-wielenga

In byldzjend keunstner dy't al langer as tweintich jier skriuwt

37

Twaentweintich jier lyn wie Wilco Berga (1947) al eksperimintearjend en abstrahearjend sa los rekke fan it byld, dat er it gefoel hie yn de skilderkeunst op in dea spoar bedarre te wêzen. Hoewol't er pianoles hân hat en ek wol wat saksofoan- en trompetspylje kin, wie it net de muzyk dy't him oer syn ynsinking hinne holp, mar de literatuer. Hy begûn te skriuwen en dat ferheldere syn blik op it skilderjen. By beide dissiplines giet it dan wol om deselde saken, it lânskip, de minske en de keunstner sels, mar it skilderjen ûndergie er mear as in abstrakte beuzichheid, wylst it skriuwen konkreter wie, omdat dat dúdlik earne oer gie. Yn syn keunst wol Berga de dingen dy't him reitsje foarm jaan of yn bylden fange om der dúdlikheid oer te krijen. Hy wol ek wat eigens oproppe, dêr't út nei foaren komt wat er belibbe hat en hoe't er dat ûndergien hat. Benammen de poëzy hat him holpen om dy essinsje te finen.

taal

Berga begûn syn skriuwerskip yn it Nederlânsk, omdat er miende him yn dy taal it bêste útdrukke te kinnen. Rillegau skeakele er lykwols oer op it Frysk, dat him dochs eigener wie. Sa diene de lessen Frysk fan Douwe Tamminga, dy't er op 'e HBS folge hie, dochs noch fertuten. Yn in fraachpetear mei Henk van der Veer yn *De Strikel* (1991, 6, s. 6-9) sei Berga dêroer: 'Wat de taal oanbelanget hat it Frysk myn foarkar. Ik bin mei beide talen opgroeid, haw sels it Frysk amper brûkt oant sa'n acht jier ferlyn, mar fiел my der dochs tige fertroud mei, miskien om't ik as bern hast allinnich mar Frysk hearde. Boppedat lient it Frysk him útsûnderlik goed foar poëzij; de taal is tige klankryk en jout yn in soad wurden mear in gefoel oan as dat it omskriuwt. En omdat ik nochal assosjatyf skriuw, kin ik dêr dus mear mei as [mei] it Nederlâns, dat foar myn gefoel saakliker en kâlder is en dêrtroch minder romte hat.'

komôf

Dat er him by it Frysk better thús fielt, hat fansels alles mei syn komôf te krijen, want al is Wilco Berga sels dan op 8 septimber 1947 yn Snits te wrâld kommen, syn âlden kamen fan it Fryske plattelân. It Frysk wie har taal, mar foar syn tritichste prate Wilco almeast Snekers en yn syn opsternate puberjierren brûkte er leaver it Nederlânsk fan de provo's en fan syn favorite skriuwers Hugo Claus, Bert Schierbeek en Lucebert as it Frysk, dat yn syn eagen it konservatisme fertsjintwurdige. Op de HBS skreau Berga graach opstellen en ferhalen. It earste echte fers publisearre er yn 1967 – noch yn it Nederlânsk – yn *Monocle*, it blêd fan de Rykskweekskoalle yn Ljouwert.

oplieding

De skoalkarriêre fan Wilco Berga hat net in staaltsje fan 'rjocht op it doel ta' west. Doe't er de sechsde klasse fan de Gysbert



'hond', gouache op rijstpapier, afm. 95 x 65 cm. foto: piter doele

Japicxskoalle te Snits troch wie, waard ornearre dat er noch te boartlik wie om nei MULO of HBS ta. Hy koe better noch in sânde jier folge. Dat hat in minne tiid foar him west, omdat er behalve skaken, doe neat leard hat. Hy koe sadwaande nettsjinsteande dat sânde jier net earder nei de HBS as nei't er noch in jier brêgeklasse dien hie op 'e MULO.

Efternei kin er beriddeneasje dat him yn dy jierren dat er him sa ûnrêstich en ûngelokkich field hat op skoalle, de oandwaning him oppenearre hat dy't er om syn fyftichste hinne - doe't er der oer begûn wie te lêzen en der mei oaren oer prate - werkende as it syndroom fan Gilles de la Tourette. Doe't er lies dat it dêrtroch soms dreech is jins krêft te behearskjen en om jin te konsintrearjen en dat tourettisten slim drok wêze kinne en samar agressyf wurde, dat se tics hawwe en soms lûden meitsje dêr't se sels gjin kontrôle oer hawwe, foel alles te plak. 'It is in neurologyske kwaal dy't yn safier bûten de sûnens omgiet dat jo der bêst hiel âld mei wurde kinne,' fertelde de skriuwer oan Marita de Jong yn in petear dat yn novimber 2004 yn *de Moanne* stie.

Wierskynlik wie it mei troch dy oandwaning dy't him gauris krekt om it tolfte jier hinne iepenbieret, dat ek it learen op de HBS gjin ûnferdiel sukses waard. Dêr kaam by, dat Wilco oanrekke wie troch de opstannige geast fan de jierren 60 en him thús fielde yn de beatnikgeneraasje. Wat fan syn eigen dwersens fûn er werom yn de jazzmuzyk fan lju as Charles Mingus, John Coltrane en Ben Webster en yn de boeken fan Vinkenoog en benammen yn dy fan Kerouac. Dy syn *On the road* waard hast in bibel foar him. Hy wie doe sa yn 'e besnijing fan de Provobeweging, dat er yn Snits mei in maat harren blêd begûn te distribuearjen. Syn âlden likemin as de skoallelieding hiene folle wurdearring foar sokke aktiviteiten, wat de destiids langhierrige Berga krekt stimulearre om dermei troch te gean. De entûsjaste learaar Nederlânsk dy't him paadwiis makke yn de literatuer, wie de iennige dosint mei wa't er it goed fine koe. Dy fizele syn selsbetrouwen op mei syn opteinens oer Wilco syn opstellen, sadat hy sels it plan opfette om nei de HBS in stúdzje Nederlânsk te dwaan.

It soe der net fan komme. Yn it jier, dat er - foar syn gefoel te'n ûnrjochte - sitten bleaun wie yn de fjirde klasse, rûn er de skoalle út en de frijheid temjitte. Hy wurke in skoft op in lytse jachtwerf yn Snits, mar liet him troch syn âlden oerhelje om it mei it learen nochris te besykjen op 'e kweekskoalle. Dat hold er ien jier fol en doe lokke de keunst dochs echt te sterk. Oan 'e Vredeman de Vries-Akademy yn Ljouwert helle er in tekenakte en dêrnei keas er foar in fuortsette keunstopleiding oan Academie Minerva yn Grins. It leafst hie er de frije keunstrjochting dien, mar fan thús mocht er allinne nei Minerva as er dêr de learopleiding folge.

swalkersaard

Nei de Grinzer jierren dy't fan 1967 oant 1972 duorren, hat Berga les jûn yn Harns, Apeldoarn en Hoarn, mar hy wie de ûnrêst noch net kwyt en reizge in skoft, benammen yn Frankryk, oant er him nei in tal ferbouwingen en ferhuzingen mei syn frou deljoech yn Piaam. Definityf wie dat wenplak net;

it houlik rûn mis en der soene noch mear ferhuzings folge oant Berga - ûnderwilens al wer fjouwer jier lyn - út Twellegea wei mei syn nije partner Tanja Blokland oan 'e Suderhaven yn Harns delstruts, dêr't se 'Atelier BB aansee' iepenen.

Om syn swalkersaard te ferklearjen sei Berga yn de boekebylage fan *Frysk en Frij* fan 21 febrewaris 1991 yn in petear mei Joop Boomsma: 'Ik fiel my nearne echt thús. Der is altyd in langstme yn my. Fierder, earne oars hinne.' It libben yn Harns mei útsicht op it plak fan de eardere grutte skipswerf Welgelegen dêr't Wilco ea fakânsjewurk die as ruostskraber, foldocht lykwols oant no ta skoan. De keunstner hâldt fan flak lân en as it kin de see tichteby, mar hy mei ek graach yn in stêd ferkeare mei alle libben en beweech, dy't dêr de sfear bepalde.

leafde foar it iepen lânskip

It boerelibben fan syn foarfaars hat yn Wilco Berga syn spoaren neilitten. Yn syn bernejierren útfanhûze er yn de fakânsjes gauris by famylje op in buorkerij en doe't syn heit makelder yn pleatsen en lân wie, mocht de soan graach mei op 'en paad gean en troch de lannen swalkje.

Leafde foar it iepen lânskip en benammen dat fan de Súdwesthoeke sprekt út omtrint al syn wurk. Dat de dichter net ferfrijemde is fan syn komôf wurdt bygelyks dúdlik yn ien fan myn favorite Berga-fersen, it moai ynfielende 'Krieën op it lân' út syn jongste bondel *Eilânliet/ Eilandlied*, dy't yn 2000 ferskynd is.

poëzy

dichterlik debút

Lykas Berga syn debútbondel *Reiger, vis en man Reager, fisk en man* fan 1990 befettet *Eilânliet* poëzy yn it Nederlânsk en yn it Frysk mei reproduksjes fan byldzjende keunst. Yn de earste bondel binne de gouaches (moai fotografearre troch Piter Doele) printe yn in kleurekatern, yn de jongste binne de foto's fan skilderijen en út koper en sink sniene fûgels by de gedichten plakt, wat in gruttere ienheid fan tekst en byld suggerearret. It binne lykwols gjin yllustraasjes; mear keunstwurken dy't út inselde sfear en ynspiraasje ûntstien binne.

Foar dy earste bondel krige de keunstner yn 1990 in opdracht fan it Anjerfonds Friesland. It boek waard yn in oplage fan 2500 eksimplaren makke, wat Berga in prachtige kâns joech om mei syn wurk ûnder de minsken te kommen. It boek betsjutte, hoewol't it net yn 'e hannel brocht waard, in omkear, omdat er op slach erkenning krige as literator. Ien jier letter leine de fersen út *Reager, fisk en man* yn de winkel ûnder de titel *Fan dit lân in fresko* (1991). Guon gedichten yn dy twadde bondel wiene alhiel nij, fan oare dy't earder al publisearre wiene yn it Nederlânsk hie er no in Fryske ferzy makke.

dûbel tal int

It wie fansels net tafallich, dat Berga útkeazen waard foar de opdracht fan it Anjerfûns. As auteur hie er doe al wat namme krige troch it winnen fan prizen fan it Rely Jorritsma Founs, publikaasje fan fersen yn ferskillende tydskriften en it skriuwen

atelier bb aansee. foto:
tanja blokland.



40

fan toanielwurk, wylst er yn 1987 in opfallend byldzjend projekt realisearre hie troch 'tusken' Kassel en Kleinsassen 'Het schip dat in de heuvels rust met soldaten' del te lizzen. Yn wurklikheid waard it skip, dat 34 km breed wêze moatte soe en in lingte fan 90 km oerbrêge moast, ferbylde yn twa objekten fan nylondoek en stielkabels. De yllúzje fan in echt skip waard op in poster yn printe foarm útdrukt. Hiel oars, mar net minder yndrukwekkend wie de 'Iepen doar', in byld yn beton dat Wilco Berga yn 1985 makke hie foar de útwreiding fan it Gemeentehûs yn Burgum. Yn datselde jier makke er ek diel út fan de dichtsjende bemanning fan de 'Zeelandia' dy't yn it ramt fan it Frysk Festival troch Fryslân fear. Sawol yn de literatuer as yn de byldzjende keunst hie er dus al wol fan him hearre litten.

Sûnt 1990 publisearre Berga noch fjouwer dichtbondels en fiif romans, wylst er ek as dichter en oersetter fan lietteksten warber bleau en boppedat ek noch toanielwurk skreau. Syn jûnfoljend stik 'Berchbewenners' is yn 1992 troch Tryater útfierd yn de rezjy fan Peter te Nuyl. Oare stikken wiene 'Kening' (1984), 'Side' (1988), 'Fijn zand' (Hollânsktalich, 1989), en it tafriël 'Pikmarboulevard' út 'Hertejacht' (1996).

Yn it Gysbert Japix-betinkingsjier 2003 makke Berga it libretto foar de rockopera 'Gysbert Gysbert', dat er yn sa'n acht wiken fan dei en nacht wurkjen op papier krige. Troch de yngrepen fan regisseuse Corinne van Eyck waard syn wurk lykwols sa oars as hy it foar him sjoen hie, dat de tekstskriuwer him der noch foar de earste útfiering fan distansjearre hat. Mear wille belibbe er oan de opdracht dy't er foar de Bonifatius-betinking fan in jier dêrnei krige. Hy skreau doe it ferhaal en de lieten foar 'Fjoer en Wetter' dat yn Dokkum mei grut sukses

opfierd is. Takom hjerst sil dizze folksopera yn in bewurking yn it Nederlânsk op de planken brocht wurde yn België.

karakter en stylmiddels

Berga syn teksten binne evokatyf. Benammen yn syn fersen ropt er kleuren, lûden, roken, sfear en stimmings op. Dat er bylden út it berik fan it iene sintúch sûnder neiere ferklearring ferbynt mei dy fan in oar makket syn gedichten geheimsinnich, mar soms ek dreech om te begripen. Tjitte Piebenga hie it yn syn optein besprek fan *Fan dit lân in fresko* (*Leeuwarder Courant*, 12 april 1991) oer in 'hast lichaamlik te fielen spanning, dy't jin út 'e rigels wei temjitte komt'. Oaren wiene kritysker en klagen oer ûndúdlikens. Berga leit dêr tsjin yn dat 'de lêzer him iepenstelle moat [foar] it ritme fan 'e sinnen en foar gefoelens dy't bepaalde wurden of kombinaasjes fan wurden oproppe. De lêzer moat him sels in byld foarmje fan wat der bart of krekt net bart yn myn gedichten, in bytsje as mei abstrakte skilderijen; in kleur of foarm dy't foar de taskôger werkenber is en dy't er op syn eigen wize ûndergiet. De swan, it hynder, it binne bisten dy't elk ken, mar dy't foar elk wer in oare betsjutting hawwe.' (*De Strikel*, 1991).

autobiografysk?

Yn 'Workum', it earste gedicht út de debútbondel, stiet de rigel 'De swanen stijgen op en vallen' dêr't Berga it tema yn fûn foar de byldzjende keunst yn dat boek. Behalve de swannen binne yn de gouaches ek reagers ferbylde. Yn dy fûgel, in allinne-gonger, werkent de dichter wat fan himsels. Ien fan de tema's yn syn wurk is de begrinzing fan it yndividu, it allinne wêze wollen. Mar



wilco berga oan it wurk yn syn atelier yn harns. foto: tanja blokbland.

tagelyk ek it ferlet fan by in groep hearre. Reagers fiskje allinne, mar wenje by elkoar. 'Sa bin ik leau 'k ek wol', sei er yn *Frysk en Frij* fan 21 febrewaris 1991). Foar al syn wurk jildt dat it net autobiografysk is, mar dat der wol oantinkens, tinzen en gefoelens fan de dichter yn ferarbeide binne. De haadpersoanen út syn romans libje út inselde libbensgefoel wei as harren skepper en Berga brûkt ek de lokaasjes dêr't er sels fertroud mei is as dekor.

de lettere bondels

Poëzy is foar Wilco Berga de basis fan al syn literêre warberens; fersen skriuwe docht er it leafst. Doe't Piter de Groot him frege (*Leeuwarder Courant*, 11 jannewaris 1993) hokker ynfloeden er as dichter ûndergien hie en wat de lêzer dêrfan weromfine koe yn syn wurk, andere Berga dat er yn it ritme fan syn fersen wat hearde fan syn favorite jazzmuzyk, mar dat de Hollânske Fyftigers as Lucebert en Jan Hanlo en letter Johnny van Doorn, dy't er bewûndere, net folle spoaren efterlitten hiene. Miskien wie de ynfloed fan Elias Canetti en Cesare Pavese noch wol sa grut! Fan Pavese fûn er benammen syn skildering fan it lânskip om Turijn hinne yndrukwekkend. Sa soe hy it Fryske lânskip wol ûnder wurden bringe wolle!

Hy dichtet net tradisjoneel en wol yn syn fersen – oars as yn de lietteksten – net rymkje. De sterke kadâns, dy't spontaan yn syn poëzy ûntstiet, fynt er foar lieten wol goed, mar besiket er yn 'lêspoëzy' der wer út te wurkjen. Berga wrot lang op syn gedichten om. Hy dichtet yntuïtyf, gefoelsmjittich. Yn de begjinfaze fertelle de fersen noch in ferhaal, mar as er der fierder oan slipet en skaaft en al assosjearjend ta in resultaat komt dat him ek ritmysk nei it sin is, blykt fan de oarspronklike anekdoate

ûteinlik faak net mear as de sfear oer te wêzen. 'Uteinlik falt alles moai te plak; it moat klinke.'


It einresultaat besjocht er soms sels mei fernuvering. En sa heart it eins ek te wêzen neffens de bewûndere Pavese. Dy syn útspraak 'We verlangen ernaar een werk te scheppen / dat in de eerste plaats onszelf verbaast' (út *Leven als ambacht*) joech Berga yn 1997 mei oan syn egodokumint *Reispapieren*.

gedichten en alles wat meegaat

Nei syn twatalich debút en de folslein Frysktalige twadde bondel ferskynde yn 1992 in de Lift Serie it Hollânske *Gedichten en alles wat meegaat*. It manuskript wie bekroand mei de twadde priis yn de Nationale Debuutprijs 1992 fan de stifting Lift, het landelijke steunpunt voor het tweede schrijverscircuit. It sjueryrapport wie tige loovjend en spriek fan 'een geheel eigen toon en ritme', fan in 'uitzonderlijk observatievermogen en een diepe kennis van zaken'. De poëzy ferdwûn nei dy tredde bondel tydlik nei de eftergrûn, mei't Berga him op it skriuwen fan (dichterlik) proaza útlei en yn 1993 de novelle *Hauk en hazze* publisearre. Dêr krige er ek wer in debutantepriis foar; diskear de Fedde Schurer-priis fan de Provinsje Fryslân.

de flamingo's fan earder

Dat it dichtsjen nettsjinsteande it útstapke nei it proaza wol gewoan trochgien wie, bewiisde Berga yn 1996, doe't de moai troch himsels foarmjûne bondel *De flamingo's fan earder* ferskynde. As folslein Fryske bondel liket dat in soarte fan foarriedich einpunt te wêzen, as hie de dichter yn al syn âldere wurk nei ditsoarte gedichten tawurke. Yn *De flamingo's fan earder*



links: waadfûgels.
akryl op linnen.
70 x 70 sm.
foto: wilco berga.

rjochts: pastel 1996
50 x 70 sm.
foto: piter doele.
ut dizze rige
pastels is ek it
omslach foar it
boek 'de swannen
fan Lorentz'
keazen.

under: hek,
gouache, 1982
70 x 100 sm.
foto: piter doele.

komme guon dingen jin bekend foar, mar se wurde wer op in oare manier ûnder wurden brocht. Fertroud is bgl. de dichter dy't ûnderweis is en om him hinne sjocht, dy't each hat foar de details fan stêd en lânskip. Mar mear as yn it eardere wurk sjocht er ek mei ynkearde eagen. Hy hellel oantinkens nei boppen en âlde bylden. Der sit wat geheimsinnichs yn dizze fersen, jo ûndergeane se suver as wat mytysks. Tjitte Piebenga hat dy sensaasje yn syn besprek (*Leeuwarder Courant*, 20 septimber 1996) ûnder wurden brocht mei de opmerking dat dit wurk de yndruk jout as hie it der altyd al west. It is as dichtet de taal en skriuwt de dichter it allinne mar op. 'Der sit wat ûnder en tusken dy rigels, der broeit wat, der is wat geande.'

Lykwols binne de fersen minder kryptysk as eardere. Gauris ferbine se in ympresje út it no mei in oantinken oan in barren út it ferline. Ut de by himsels sinjalearre reaksje docht bliken dat de dichter no oars tsjin de wûnders om him hinne oansjocht, mar him dochs noch goed ferpleatse kin yn de jonge fan destiids. De bondel is yndiel yn twa skiften: Foto fan it lân en Foto fan de stêd. Beide hawwe har bekoaring foar Berga en dat sil wer meitsje dat er yn dizze fersen faak ûnderweis is, geandefoet, op redens, yn in bus, op in boat of allinne mar yn tinzen en dreamen. Apart binne de perspektyfwiksels, as soe er tagelyk himsels wêze en ien dy't nei him sjocht of oer him neitinkt.

reispapieren

Ta gelegenheid fan Wilco Berga syn fyftichste jierdei naam it Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjesintrum it inisjatyf ta in oersjochsútstalling. Mei't hysels njonken syn literêre wurk ek graach syn byldzjende keunst sjen litte woe, waard yn oerlis mei him en yn oparbeidzjen mei Theater Romein in dûbeleksposysje opset ûnder de titel *Reispapieren*. Yn de útstallingsromte fan de teatertsjerke kamen 'de bylden/de beelden', yn it FLMD 'de wurden/de woorden' en Berga en Blokland stiene net allinne foar de ynrjochting, mar makken ek by wize fan katalogus in prachtich egodokumint, dêr't yn wurd en byld it ferhaal fan libben en keunst yn fêstlein is. Mei help fan foto's út it privee-album, hânskriften en reproduksjes fertelt it dûbeltalint fan syn omswalkjen yn letterlike en figuerlike sin. It hat fan beide wat: feit en fiksje, fan in skriuwersprinteboek en in oersjochskatalogus en der binne ek noch net earder publisearre fersen yn opnommen. Al mei al is it in tige nijsgjirrich boek, dat de leafhawwers fan Berga syn wurk eins net ûntkomme mocht hie, omdat hy sels yn dizze útjefte it ferbân oanwiist tusken guon literêre teksten en syn byldzjend wurk.

eil ânl iet/eil andl ied

De meast resinte fersebondel, *Eilânliet/Eilandlied*, lit sjen, dat der in trochgeande ûntjouwing is nei mear konkrete poëzy. Mei har strofyske opbou lykje dizze fersen tradisjoneler as it âldere wurk, mar de tematyk is min ofte mear deselde. It giet by Berga om sjen, waarnimme, assosjearje, yn de tiid sette, ferbine en fêstlizze. Om bysûndere oantinkens, om ankerpunten yn in ûnrêstich bestean. Om in dreau nei frijheid en jin tagelyk bûn witte oan it âlde, om yndividualiteit en mienskip.

proaza

hauk en hazze

Yn 1985 krige Wilco Berga in Rely Jorritsma-priis foar syn gedicht 'lânlibben', mar twa jier earder wie syn ferhaal 'De jonge frou en de hynst' al bekroand. Syn earste literêre sukses hie er dus mei proaza en syn proazadebút yn boekfoarm waard it, troch de útjouwer as novelle presintearre, *Hauk en hazze* út 1993.

De wat dizzenige, suver mearke-efrige sfear en it wurkjen mei symboalen passe wol by in novelle, mar fanwege de ûntjouwing yn de tiid soe ik leaver fan in lytse roman prate. Der binne yn dit boek te folle elkoar opfolgjende 'aventoeren' om it in novelle hjitte te kinnen, it sjenre dêr't in sterke konsintraasje op ien gegeven yn heart te wêzen. Yn dit gefal soe dat de ûntdekking fan de haadpersoan wêze kinne, dat er mear in man foar freonskip is as foar leafde, mar dy konklúzje is net it sintrale elemint yn de fertelling. It boek giet mear oer de striid fan in man mei de romte, dy't er allinne net oankin. 'Ik moast (...) my wer konsintrearje op 'e fijân, dy fierste grutte romte sûnder lûd.' (side 12).

Haadpersoan en ferteller yn de ik-foarm is in man dy't troch in erfskip de kâns krigen hat om him werom te lûken út syn oars wol suksesfolle sosjale libben as ûnderwizer yn Amsterdam. Hy kin in âlde dream wier meitsje en keapet in stjelp yn Fryslân, omdat er dêr as bern sokke lokkige tiden belibbe hat. It libben yn en mei de natoer dat him sa moai talike, blykt dochs wol slim iensum te wêzen. Twa freondinnen út syn earder bestean komme by him del, mar beide blike net genôch te hawwen oan syn selskip. Aldergeloks is der in buorfamke, Geke, om him op te fleurjen. Hja is echt in bern fan it romme fjild en mei har spaant er yn de natoer om, wylst se elkoar ek foarlêze út in boek oer hauen, de fûgel dy't har fassinearret. Dy G. is hast in mearkefiguer, omdat hja wat fan in 'oerfrou' of in 'oermem' oer har hat. Oan de iene kant is se hiel ierdsk en makket se de symboalen konkreet mei har ideeën oer de hauk dy't se ôfrjochtsje sil, sadat er by har bliuwt en mei de hazze oan de ein, dy't se - as in hauk syn proai - krekt op it kritike momint grypt hat. Oan de oare kant hat se wat boppenatuerliks, fielt se dingen oan dy't se net witte kin en toant se in wiisheid fier boppe har jierren. Sy wit better as hysels wêr't de man ferlet fan hat, as hie se al lange jierren ûnderfining opdien mei sokke solisten. Jelle Krol neamde yn syn besprek yn de *Leeuwarder Courant* fan 17 septimber 1993 *Hauk en hazze* in fabel en dat is it neffens my ek. It giet net om dy ik-figuer mei dat buorfamke, mar om mear algemien minsklike gefoelens en emoasjes. Mei reden priizge de advys-kommissje foar de Fedde Schurerpriis (Pyt Jon Sikkema, Ann de Jong en Remco Ekkers) it fakmanskip fan de ferteller en de manier dêr't de auteur de sfear en de romte fan de Súdwesthoeke op ferbûn hie mei mear universele tema's.

even tuskentroch: fammen en famkes

It falt op dat yn de earste roman fan Berga in jong famke sa'n grutte rol krige hat en dat dat faker foarkomt yn syn wurk. Soms is sa'n famke in binend elemint yn it ferhaal lykas yn *Hauk en*

hazze, mar yn oare gefallen soarget se krekt foar chaos. Dy feroarsaket bygelyks dochter Mare yn *It portret*. Soms stjoert sa'n bern it ferhaal ynienen in hiel oare kant út, lykas Lucia docht yn *De swannen fan Lorentz* en yn *It Krantefanke* hat de skriuwendende haadfiguer sels mei twa fan sokke jonge froulju te krijen: Maaïke dy't him as se ien kear folwoeksen is, it houlik yn wit te lokjen en it Frisianafanke fan de titel, dat net mear of minder is as de muze fan syn begjinnend skriuwerskip. Yn *Eilândochters* spylje ferskillende froulju in rol, mar sa'n famke dat yn har keine ûnskuld har noch net bewust is fan har macht oer de haadpersoan komt yn de jongste roman net sa dúdlik nei foaren of it moast Eelkje wêze yn de tiid dat se as heale jonge mei har broer it frije libben op it eilân dieldde.


Dêrnei frege, seit de skriuwer dat er net in fassinaasje hat foar sokke jonge froulju, mar dat se yn syn wurk de funksje hawwe om sjen te litten, dat jo de frijheid fan de jonge jierren, as alles noch iepen leit, behâlde moatte, alteast yn jo tinken. Oer it generaal is Berga lykwols fan betinken dat de lêzer net te folle sykje moat efter sa'n hyltyd op 'e nij opdûkend personaasje. Elts ferhaal moat himsels fertelle en de middels dy't de skriuwer brûkt, tsjinje har spontaan oan. Syn romandebút skaaide út nei it magysk realisme, mar dat hat er net bewust sa dien. Lettere romans binne wol mear konstruearre, gauris fanút dialogen, dêr't it ferhaal him dan omhinne foarme.

de swannen fan Lorentz

De tema's dy't Berga yn syn twadde grutter proazawurk behannelet, binne fierhinne deselde as yn it earste. As *Hauk en hazze* in magysk-realistyske fabel is, dan kin dit twadde boek in mearke foar grutte minsken neamd wurde. It werklikheidsgehalte is grutter, de sfear is reëler, de beskriuwing realistysker. Sjoerd Bottema skreau yn syn resinsje yn *Trotwaer* (1997, s. 279-282), dat er yn dit boek in soad werom fûn hie 'fan de glamour fan de B-film: snelle auto's, manlju yn djoere pakken, froulju mei in útwrydske garderobe, moaie minsken mei ynteressant wurk, riante wenningen, gjin pilskes of jonkjes mar wyn, whiskey en cognac en fansels de fijne keuken.' Mei de breedút en byldzjend beskreaune sekssênes wurdt it dan wol in film foar boppe de 16!


Fannijs is de ferteller de haadpersoan en wer is dat in man fan in jier as fjirtich, dy't yn Amsterdam in suksesfol bestean hat mei moai wurk en in protte freonen. Oars as de ik-figuer út *Hauk en hazze* fan wa't de lêzers de namme net gewaar wurde, hyt dy man Alex en hy is arsjitekt. Om syn nostalgysk langstme nei de romte fan de Súdwesthoeke te befredigjen hat er in minder radikale oplossing fûn as syn foargonger: hy bliuwt yn Amsterdam, mar hat ek in fakânsjehúske tichteby Snits. Troch wat fierderop yn it boek bart, komt er net faak yn dat ûntwyk en yn it lêste haadstik makket er radikaal in ein oan de yllúzje fan it werom te finen jeugdparadys troch syn twadde wente yn 'e brân te stekken. Dêrmei ûnderstrekert er ek syn mislearjen as arsjitekt.

Neidat er syn earste faam, de suksesfolle fotografe Lize, nei tweintich jier weromfûn hat, is Alex, dy't lykas hja in mislearre houlik efter de rêch hat, gauris yn Ginaam, dêr't Lize wennet en ferkeart dan ek faak yn it selskip fan har freonen Loadewyk en



Karel. De 'glamour' klibbet yn haadsaak oan dy restauranteigners, in homopear. Allinne echt lykje noch Lize har âlden, rintenerjend boer en boerinne. En echt is – mei har kueren – ek noch wol it jonge famke Lucia dy't har foar Alex oer ûntjout as de wize freondinne dy't him wer nocht oan it libben jaan kin, lykas yn *Hauk en hazze* Geke dat koe. Lykas G. hat Lucia earst sels de relaasje tusken de man en syn leafste op it spul set, mar dizze kear is dat net allinne út jaloerskens, mar ek út wraaksucht. Lize hat yn de tiid dat se noch mei Karel trouw wie in ferhâlding hân mei Lucia har heit, dy't dêrom har mem ferlitten hat, wêrnei't Lucia, omdat mem yn in ynrychting bedarre, opfongen is troch har omke Loadewyk, de lettere freon fan Karel, de eks fan Lize. It is in yngewikkelde en net oannimlike yntrige, mar ik bin it mei Sjoerd Bottema wol iens, dat it ferhaaltsje der net sa bot ta docht en jo fan dit boek genietsje kinne, omdat it moai skreaun is.

Njonken it jonge famke spilet brân, dêr't de auteur ek yn syn gedichten wol faker in fassinaasje foar sjen lit, in grutte rol, likegoed as fansels de fûgels en oare bisten. De earste nacht, dat



Alex en Lize as fanâlds wer mei-inoar frije sille, rydt er in hûn dea en dêr knapt Lize sa op ôf, dat it mei de leafde dy nacht neat wurde wol. Efternei heart Alex fan Lucia, dat Lize sels in hûn deariden hat, doe't har relaasje mei dy har heit útkommen wie. Steane twa deade hûnen foar twa miskreamen?? en foar twa mislearre leafdes?? En wêrom is it sa desastreus foar in freonskip, as bliken docht dat de goes dy't op tafel kommen en mei smaak behimmele is, in swan west hat? Omdat dy wetterfûgel stie foar de suvere leafde?? Omdat Alex en Lize ûnderweis nei elkoar fan Amsterdam nei Fryslân en vice versa altyd de swannen seagen by de Lorentzslûzen yn de Ofslútdyk? En omdat dy har dan tinken diene oan dy kear, dat se ferheftich frijd hawwe by it Monumint? Der sit ek yn dizze twadde roman in protte symbolyk, dy't de lêzer net allegearre alhiel neikomme kin. Slim is dat net, want wat oerkomt is wol, dat Berga him dwaande hâlde wol mei de grutte dingen fan it libben: leafde, trou, freonskip en benammen it as in frij minske doel en ynhâld jaan oan jins bestean en dat lêste leafst net allinne foar jinsels.

it krantefanke

Mei syn tredde roman, *It Krantefanke* út 1999, is Wilco Berga in nij paad ynslein. De dochs wat swier oansette natoersymbolyk is ferdwûn en dit spannende boek spilet ûnder min ofte mear gewoane minsken yn Snits. Mar wol minsken mei geheimen en it is oan Albert Nicolai om der efter te kommen, hoe't dy geheimen har libben en úteinlik ek syn eigen bestean bepaald hawwe. Haadpersoanen binne dy Albert, dy't yn 1963 fan skoalle ôf gien is, omdat er mei syn 16 jier net mear leare, mar mei it echte libben begjinne woe. Fierder syn omke Jochem, de skriuwer dy't wat Albert syn literêre ambysje oangiet, syn foarbyld is en it echtpear Wouter Helling en syn frou Marjan mei harren dochter Maaïke. Man en frou binne beide befreone mei Jochem en dy hat it dan ek foarelkoar krige, dat Albert op harren skipshelling oan it wurk kin. Dy fiif foarmje de kern en ek de stêd - mei syn wetter en syn yndustriegebiet dat hyltyd mear boerelân opfret - hat in belangrike funksje.

Knap is de konstruksje fan it boek, dêr't ferskate lagen yn te ûnderskieden binne. Om te begjinnen is dêr de romanwurklikheid (yn romein) njonken de literatuer (kursyf printe) dy't de haadpersoan dêrfan meitsje wol, wêrby't yn it earste in personaal fertelstânpunt yn de tredde persoan brûkt wurdt en de skriuwer it twadde as ik-ferhaal fertelt. Mar dêr bliuwt it net by, omdat Albert Nicolai net de iennige fertellende ynstânsje is. Wol yn de fragminten fan it boek dat er skriuwt, mar net yn de sabeare werklikheid fan dizze roman fan Berga. Dêryn belibbet de lêzer de dingen soms ek troch Maaïke har eagen of troch dy fan Jochem. Dat Maaïke dan ek noch in 'geheim skrift' byhâldt, dêr't yn kursyf út sitarre wurdt en fan Wouter nei syn dea fragminten fan in toanieltekst (ek kursyf werjûn) fûn wurde, makket it gehiel wol kompleks, mar Berga komt de lêzers in ein hinne temjitte troch de 'fiksionele' parten in datum mei te jaan.

Neffens my is sok puzzeljen om de struktuer fan *It Krantefanke* bleat te lizzen allinne mar in hobby foar literatuerkundigen; de gewoane lêzer moat him dêr de holle net oer brekke hoege. Dy moat - yn de foarm sa't it ferhaal troch de auteur presintarre wurdt - meilibje kinne mei de personaazjes. Hy moat har fertriet fiele as ien stjert en hoopje dat 'se elkoar krije'. En as er by de lêste side kommen is, moat er it befredigjende gefoel hawwe te begripen hoe't it ferhaal yninoar siet. De skriuwer hat de rezjy, hy knipt de tiid yn stikjes en sjocht noris by de ien en dan wer by de oare oer it skouder. It is de magy fan it skriuwerskip, dy't makket dat syn trûkjes wurkje, dat de lêzers him folge wolle troch alle bedriuwen hinne om oan de ein te hantsjeklappen, as alles teplak fallen is.

Jabik Veenbaas skreau (*Leeuwarder Courant*, 25 oktober 2002) yn syn resinsje fan *It portret*, de roman dy't op *It Krantefanke* folget, dat Berga yn beide in keunstnerstematyk behannele en ik leau, dat er dêrmei de spiker op de kop slacht. Utsoarte jout er yn dizze roman in spannend ferhaal, mar wat er fral ûndersiket is hoe't jo sa'n skiednis fertelle kinne. Hy skreau in psychologyske ûntwikkelingsroman oer Albert Nicolai dy't him fan dwerse puber mei literêre aspiraasjes ûntjout ta in suksesfol boatebouwer foar wa't it skriuwen op de eftergrûn rekke

is, mar hy brûkte dy stof om út te finen en út te prebearjen, hoe't jo in ferhaal stâl moatte.

Yn syn besprek yn *Hjir* (april 2000, s. 6-8) lei Piter Yedema de klam op it libbensdrama dat de stof foar de roman levere en wiist dêrby op de Oedipus-tematyk. Hy fynt dat ferhaal wol meinnimmend, mar achtet it 'literêr geëamel fan A. mar in steurende faktor'. Om dy reden fynt er ek de titel mispleatst. It Frisiana-famke, dat yn de adfertinsjes foar de útstalling yn 1963 by de iepening fan de Fryslânhal sa'n yndruk op de jonge Albert makke, spilet ommers amper in rol yn syn libben. Mar fetsje jo it boek op as keunstnersroman, dan kloppet de titel krekt wol, omdat it Krantefanke en it gedicht, dat Albert oer har skreau, sa wêzentlik binne foar syn dichter- en skriuwerskip.

it portret

Sa't *It Krantefanke* in roman oer syn skriuwerskip is, sa is de dêrop folgjende, *It Portret*, ien oer it skilderjen. Wilco Berga seit, dat syn romans net autobiografysk binne en dat syn haadfigueren – oant en mei dit boek altyd manlju, dy't kwa jierren lyk mei him op âlder wurde - allinne mar inselde soarte fan libbensgefoel hawwe en ferkeare op lokaasjes, dêr't hy ek goed thús is. Dochs is *It Portret*, dat mei al syn sitaten in soarte fan kollaazje oer de skilderstechnyk jout, tagelyk de roman fan de 'coming out' fan de skriuwer as tourettist. Behalve sitaten út âlde en mear resinte fakliteratuer oer it skilderjen jout er ek fragminten út Oliver Sacks syn *Een antropoloog op Mars*, it boek dat him holpen hat om syn twangmjittichheden en net te kontrolearjen bewegings en lûden te begripen as ferskynsels dy't by it syndroom fan Gilles de la Tourette hearre. Wol earder hat Berga skreaun oer minsken mei ôfwikend gedrach dat taskreaun wurde koe oan dy neurologyske oandwaning, mar Teunis Leeuwerik, de haadfiguer út *It Portret*, hat sokke skaaimerken dúdlik werkenber as part fan syn persoanlikheid meikrige. Wat soks ynhâldt, hat Berga werjûn op de siden 72 en 73 as er beskriuwt, hoe't Teunis nei it pakhûs, dêr't er syn atelier hat, weromrint:


'Op 'e weromreis begûn it te reinen, wylst de wyn flink oanhelle. It soe ris net waaie yn dit stedsje. mar 't kaam him goed út, sa't wylt waar altyd goed útkaam wannear't er him tjirgje moast. Just as er in skoft lang alles ûnder kontrôle hân hie.

Mei sin rûn er de kant fan de terminal út, dêr't de fearboaten leine. Dêr by see wie gjin mins dizze oere. Dêr soe gjinien him sjen; dy man mei syn maaïende earms en skokkende skonken, en soms de mûle wiid iepen. (...)

De smelle slûsbrêge, dêr mocht er allinnich oer mei ien hân oer de leuning glydzjend.

It gong net goed, want ienkear op 'e oare kant, moast er werom en der wer oerhinne. No mei de hân op 'e oare leuning – nee, de rjochter, okses! De rjochterhân op 'e rjochterleuning! Werom en opnij.'

Nettsjinsteande it feit dat dit boek mei in drinkeldeade begjint en haadstik nei haadstik dúdliker wurdt dat it leafdesaventoer dat de skilder mei syn model belibbet, wol in dramatysk slot krije moat, makket dizze roman in rêstige en lykwichtige yndruk. It is it



meast persoanlike boek fan Berga oant no ta. Tâl fan typyske Berga-trekjes komme deryn nei foaren: de beskriuwing fan de omjouwing (Harns dizze kear en in galery), de rol dy't in jong famke harsels oanmjit, heftige frijpartijen, it sosjale kontakt dat yn haadsaak belibbe wurdt yn it mei-inoar drinken en swetsen en yn de muzyk. Mar de yntrige is folle minder yngewikkeld as yn bygelyks *De swannen fan Lorentz* en de neukerij wurdt folle subtiler, artistiker en dêrmei nei myn smaak oertsjûgenjender beskreaun as yn dat boek. Der binne ek folle minder byfigueren dy't de oandacht ôfliede. Al mei al achtsje ik *It Portret* in hichtepunt yn Berga syn oeuvre.

eil ândochters

Yn 2004 ferskynde de fyfde roman fan Berga, *Eilandochters*. Dit is wer in hiel oar soarte fan boek wurden is. It is in breed opsette roman dy't him op ferskillende lokaasjes ôfspilet en net ien fan de personaazjes hat in protte fan de auteur sels meikrigen.

It is moai te sjen, dat Berga net útskreaun is, no't de

EILANDOCHTERS

Wilco Berga



roman

47

ûnderskate aspekten fan syn persoanlikheid wol op ien of oare wize ferarbeide binne. Te tinken falt dan oan bygelyks: de frije fûgel, de dwerse skoalferlitter dy't op in skipshelling oan wurk slagge, de skriuwer/dichter, de hertstochtlike minner en de ripe en lottere skilder dy't syn tourettisme akseptearre hat en dat sels kreatyf brûke kin. Ut it byld fan de persoan Berga, sa't er dat sjen litten hat yn *Reispapieren*, frege eins allinne noch de ferbouwer fan âlde huzen om in literêre ferbylding.

Yn *Eilândochters* yntrodusearret er it oannimmersmiljeu, mar mei't de iennige soan fan in grutte (fer)bouwer op Skylge perfoarst net op syn hearsksuchtige en ûntrouwe heit lykje wol, is dat miljeu mar dekor. It giet yn dit boek om de frage oft ien libje kin mei it besef skuld te hawwen oan de dea fan in freon.

De roman spilet yn twa jierren: 2001 en 1991. Der is yn dat lêste jier wat bard op it eilân dat Arend Boomsma (nei Alex en Albert alwer in haadpersoan mei in A-namme) al tsien jier lang besiket te ferkringen en tagelyk te begripen en te ferarbeidzjen. Om dat mooglik te meitsjen is er fuort gien en hat him in

bestean ferovere yn Spaansk Baskelân as toeristysk ûndernimmer. No't er ferkearing hat mei in kreaze en temperamintfolle Baskyske, liket it him hyltyd better te slagjen om yn syn nij libben te leauwen. As syn heit lykwols stjert yn 2001, moat er nei Skylge werom en dan komme de oantinkens, de ferhalen, de fragen en de fertinking fan skuld oan dat nea oploste stjerrefal fan tsien simmers earder wer yn folle heftigens werom. Sil Arend no bekenne dat hy op syn minst mei skuldich is oan it drama al wie der fan opset gjin sprake, of wynt er him der wer út? En krijt er wol de kâns om foar himsels te beslissen? Of nimt syn justjes âldere suster Eelkje dy't altyd in grutte ynfloed op him hân hat, it heft wer yn hannen?

It boek, dat soms fanút it perspektyf fan Arend, soms fanút dat fan Eelkje ferteld wurdt, hat wat dat oangiet in iepen ein. It is as in detektive opboud en hoe't 'de saak' him yn 1991 tadroegen hat, wurdt wol dúdlik, mar wat dat betsjut foar de dieder bliuwt hingjen. *Eilândochters* is de tsjokste roman dy't Wilco Berga oant no ta skreaun hat. Op mear as 250 siden wurdt de lêzer in soad gewaar oer de famyljeferhâldingen yn de húshâlding fan de direkteur fan Boomsma Bou, oer wat it betsjut op te groeien op in eilân mei in dominante heit, oer de simmerske jeugdkultuer as it bier streamt en dronken wurde oan de oarder fan de dei is en ek noch wat oer de striid fan de Basken. Men kin jin ôffreegje oft dat net wat te folle is en oft bygelyks de swierrichheden dy't de susters fan de haadpersoan hawwe yn har houliken en relaasjes wol sa funksjoneel binne. In sterkere konsintraasje op de problemen dêr't Arend mei wrakselet, hie it gehiel faaks sterker makke, mar dat nimt net wei, dat *Eilândochters* in spannend boek is en dat jo, as it út is, ek noch wolris neitinke oer de fragen fan skuld en straf, frijheid en ferantwurdlikheid, oerlibje of libje.

foargoed skriuwer?

Yn it lêste nûmer (Zomer 2005) fan *Het Schrijvershuis*, it tydskrift fan de Stichting Fonds voor de Letteren, wurdt bekend makke dat Wilco Berga (lykas fiif oare Fryske skriuwers) dit jier fannijs yn de beneaming komt foar in wurkbeurs. Wy meie dus yn de kommende tiid noch mear literatuer fan him ferwachtsje. Wer oars, wer himsels fernijend bout er fierder oan syn oeuvre. Nei twaentwintich jier skriuwerskip hat Berga bewiisd, dat syn learaar Nederlânsk destiids op de HBS yn Snits it goed sjoen hie. Hy is net allinne skilder, mar foargoed ek skriuwer. Mar dan wol Frysk skriuwer.